

Zusammenfassung. Die Endung des altfriesischen Einheitsplurals auf *-ath/-at* beim Präsens der Verben hat sich im Neuwestfriesischen zu *-e* entwickelt. In den altwestfriesischen Urkunden zeigt sich aber vorher eine allmähliche Entwicklung zu *-et*, wo die jüngeren Quellen auf einmal *-e* haben. Dieses *-e* begegnet auch in den meisten neufriesischen Mundarten, während in einige das *-et* erhalten blieb. Eine innersprachliche Ursache für diese Entwicklung läßt sich nicht ermitteln.

Die geographische Verbreitung der friesischen Formen schließt sich die auf *-en* und *-et* im Niederdeutschen nahe an. Dabei hat in den Gebieten mit *-e* bzw. *-en* einen ansehnlichen holländischen Einfluß geherrscht, wie besonders für Schleswig nachgewiesen wird. Die Entwicklung zu *-e* läßt sich damit erklären als eine Übersetzung der holländischen Gleichheit **Einheitsplural = Infinitiv** ins Friesische. Als Quelle des *-e* bietet sich die Form der Inversion vor Pronomen, die aber nur im Friesischen benutzt wurde. Dadurch könnte das Friesische indirekt als Strahlungsgebiet für das Niederdeutsche *-en* gewirkt haben.

Weil in mehreren friesischen Mundarten das *-en* der Präterito-präsentia nicht angegriffen wurde, ist an eine tiefere treibende Kraft zu denken, wahrscheinlich Flucht von der *-t/-et*-Endung der 3.Sg. Präsens her. Diese Hypothese wird gestützt durch Abfall dieser Endung im angrenzenden Nd. *-et*-Gebiet.

Schließlich wird die Möglichkeit betrachtet, die beschriebenen Wirkungen gingen sofort von das Mnl. *-en/-et/-en*-System aus, das dann seinerseits durch die Begegnung umgebildet worden wäre zum Einheitsplural. Auch die Lage im Osten und südlich des Nd. Gebietes, sowie mögliche Übertragung nach England werden erörtert.¹

1 Einige benutzte Sprachenbezeichnungen: Aasters = Ost-Terschellings, Frysk (Fr.) = alles Friesische; Grinslânsk = Groningisch; Hylpersk (Hlp.) = Hindelopisch; Hollânsk = Ndl. südlich von Amsterdam; Nederlânsk (Ndl) = Niederländisch ohne Fr. und Nds.; Nedersaksysk (Nds.) = Niederdeutsch; Sealtersk (Sfr.) = Saterfriesisch; Skiermuontseachsk (Skm.) = Schiermonnikogisch; Westerlauwersk Frysk (Wfr.) = Westfriesisch; Westers = West-Terschellings; Westfrysk = Friesisch

1. Ynlieding.

By âlds wie der yn 'e notiid meartal yndikatyf fan 'e tiidwurden ('wy hawwe') in ryk ferskaat fan útgongen, lykas te sjen is oan Goatysk *-am*, *-ip*, *-and* of *-om*, *-op*, *-ond* foar efterinoar de earste, twadde en tredde persoan (Krahe 120, 122). Yn it Aldfrysk (Afr.) wiene dy foarmen lykwols al ferienfâldige ta de saneamde ienheidspluralis of it ienheidsmeartal mei ien útgong *-ath* (Sjölin 1969:36)², b.g. (*wi*) *delath* 'wy diele', (*wi*) *makiath* 'wy meitsje'. Yn 'e measte Nijfryske tongslaggen is dy útgong ôfswakke ta *-e* en soms sels ta nul (Siebs 1901:1335f). Doel fan dit artikel is om wat mear te witten te kommen oer de eftergrûnen fan dy ûntjouwing.

Men soe tinke kinne oan ôffal fan *-th* lykas miskien yn Wfr. *dea* (fgl. Siebs 1901:1284), mar bûten de tiidwurdsfoarmen is de útgong *-ath* sûnder klam yn it Aldfrysk frij seldsum. As iennichst brûkber foarbyld fûn ik *mônath* 'moanne' (as tiidrek)³ Wurden lykas Afr. *thrimenath* 'treddepart', *thruethingath* 'ôfslutende rjochtssitting', *twednath* 'twa treddepart' (v. Richthofen 1078, 1079, 1096) lykje yn it Nijfrysk gjin fuortsetting fûn te hawwen.. Yn it Westerlauwersk Frysk en Noardfrysk (Nfr.) ferskynt dat as *moanne*, *moune*, *muun* ens. (Tams Jörgensen 54f.) en is dêrmei gearfallen mei Afr. *môna* ('moanne' as himellichem; fgl. ek sûnder kommintaar *möynd* 'Monat' Halligen, *moune* Ockholm, (Löfstedt 86). Yn it Helgolânsk (*muunt* Tams Jörgensen 55) en de nij-Eastfryske dialekten (Cadovius **moont*, *mohnnt*, Wangereachsk *mônt*, Wurstfrysk *Mond*, Sealtersk *Mound* neffens Remmers 1993:102) liket de Afr. *th* as *t*, *d* bewarre te wêzen, mar dêr kin kennis fan it Nedersaksysk (Leechdútsk) - dêr 't it ferskil wol bestean bleau - ta homonimeflecht laat hawwe. Siebs (1889: 232) seit dêrfan: "die westfrs. und die meisten nordfrs. mundarten bieten das unter "*môna*" gegebene wort" en hâldt him dus op 'e flakte.

2. Datearring.

Bysûnder nuttich foar de datearring fan it ferskynsel binne de Aldfryske oarkonden, dy 't spitigernôch allinne ynformaasje út Westerlauwersk Fryslan jouwe. Foar dit ûndersyk is gebrûk makke fan it wurdboekapparaat op O1-3 (Sipma) fan it Frysk Ynstitút te Grins. Dêrby binne de meartalsfoarmen fan 'e notiid neigien fan it tiidwurd 'hawwe'. Dat tiidwurd is keazen om 't it tige frekwint is en boppedat al hiel kreas

gefärbte Sprache um Alkmaar herum.

2 Troch Noardsee-germaanske útfal fan *n* foar dentaal wiene de 2.pl. en 3.pl gearfallen en de 1.pl. hat him dêrby oansletten (Krahe 99). Dat jildt yn prinsipe net foar de preterito-presentia, dy 't sels yn guon moderne Fryske tongslaggen har doetiid-uterlik op *-n* holden hawwe, sj. par. 3.

3 Moanne (as tydrek) ferrint yn 'e oarkonden fan *monet* 1453, *monnet* 1498 nei (*Maia*) *monna* 1503, *mone* 1531, mar dochs wer yn O4 *monnet* 1536/7. Faaks Hollânske ynfloed skûlet yn (*des*) *maenes* 1511.

neffens grammatikale kategory rubrisearre wie⁴. Boppedat liket dit tiidwurd gjin ôfwikings te fertoenen op it gebiet fan it te ûndersykjen ferskynsel. Foar it ûndersyk is allinne gebrûk makke fan orizjinele oarkonden, om 't allinne dêrfan de datearring fan 'e taalfoarm ridlik goed fêststiet. Om de iene oarkonde net mear gewicht te jaan as de oare, binne meardere gelikense meldings yn ien oarkonde mar as ien kear teld.

De risseltaten fan dat ûndersyk binne jûn oer perioaden fan 10 jier yn 'e taheakke en boppedat gearfette yn ôfbylding 1. Dêr docht út bliken, dat al yn 'e earste oarkonden fan sawat 1400 neist *-th* ek *-t* as útgong foarkomt. It foarkommen fan *-t* komt rûchwei oerien mei dat fan 'e Fryske oarkonden yn it algemien: in geliedlike taname oant sawat 1480 en dan in sterke tebegong nei 1500. Oant sawat 1460 is *-th* justjes yn 'e minderheid, om dan stadichoan it fjild te rûmjjen foar *-t*. Yn prinsipe soe it hjir gean kinne om in feroarjende skriuwmoad, mar dertsjin pleitet it opkommen fan in útgong *-d* om 1460 hinne. It liket derop, dat in part fan 'e earder mei *-th* oanjûne lûden stimhawwend wie en dat dy no omset waarden yn in stimhawwende ploffer *-d*, wylst de stimleaze *-th* yn *-t* omset waard. Tagelyk begjint de skriuwize *-th* hurder tebek te rinnen. It is dúdlik ûnderdiel fan de troch Sjölin 1969:29 beskreaune spjalting fan it foneem /ð/.

Opmerklik is, dat de útgongen *-a/-e* oer de hiele perioade noch mar in tige ûndergeskikte rol spylje en dan ek noch yn beskate fonetyske omkriten (2x *haba wy, hebba hwynzen*, 4 x *habba wy, habbe mey, bytallt hebbe*). As ienlingen komme dan noch foar: *habbent, habden, habbse*. Dy binne likemin yn ôfb. 1 ferwurke as de inkeldris yn meast Hollânske tekststikken foarkommende útgong *-en*. Oan 'e ein fan 'e Frysktalige oarkonde-oerlevering (ca. 1540) is dus noch gjin spoar te sjen fan 'e lettere supremaasje fan *-e*⁵.

Lykwols hat Bogerman yn syn rymspreuken út 1542/1551 al *-e*, b.g.

*Haeghe warden **bracke** nen swirden.*

*Cruyd ende doctoers hoed, da **mettye** fan syecken soun lyoed.*

(de Boer 1900, samling I: spreuk 88, II:333). Iennichste ôfwiking is 1x

4 Eat dêr 't de kompjûter noch wol oan hat!

5 It is lykwols mûglik dat sokke prosessen yn 'e sprektaal al lang geande wiene, lykas Meijering (1980) konkludearret nei oanlieding fan 15de ieuwske Wfr. spoaren fan *d(e)*-útfal yn 'e preterita fan swakke tiidwurden fan 'e twadde klasse. Oan 'e oare kant kin dêr ek gâns ferskaat yn sitte, want dyselde ûntjouwing docht him yn it Sealtersk earst yn ús tiid foar (Fort 152).

moten (II:292) 'moatte'⁶. Dat soe in rest fan 'e útgong fan 'e preterito-presentia wêze kinne, dy 't fierders lykwols mist: *moete, moghe, schille, wite*, sûnder dúdlik ferbân mei de fonetyske omkriten.

Neffens Miedema (153) sil Bogerman grif de taal fan syn jeugd skreaun ha, it Frysk fan Dokkum en omkriten fan sawat 1500, om 't er sûnt syn jonge jierren wol net mear yn (Westerlauwersk) Fryslân wenne hawwe sil. Minstens fan 1531-1536 wie er lykwols sekretaris fan Grins en sil doe grif ek wol mei Friezen ferkeard hawwe (de Boer 1900:211f., 220). Opmerklik is al dat Bogerman de lettere Dongeradielster foarmen *gonne* 'gean' en *stanne* 'stean' (Hof 78, 81) net hat (ferl. ek Kramer 1996, noat 5).

It docht jin dan ek gjin nij, dat de Burmania Sprekwurden (Brouwer e.o. 1940) fan 1614 ek -e hawwe; ik fyn as pl.pres.ynd. 6 x *habbe* (yn rigels 1,540, 541,542,592 en 628) en 1 x *ha* (1088). By Gysbert Japicx (1603-1666) slacht -e alhiel foar master op: "Praes. plur. is gelijk aan de infinitief" (Brandsma s. 20 by "Zwakke werkwoorden"). Itselde fine wy by de sterke tiidwurden, b.g. side 95: "pl. 1, 2, 3 *habbe* (passim)". Frij seldsume foarmen op -*jet* yn 3.sg.pres.ynd. - lykas *triljet, breydjet, langjet* (Dykstra e.o. 319) - binne grif as kwasi-puristyske fersierings te beskôgjen ynstee fan *trillet* ensfh. In proefartikel foar in Middelfrysk wurdboek (van der Meer 65,70) jout sûnt 1614 foar *bliuwe, begearje, belove* ek allinne mar foarmen op -(j)e.

De konklúzje liket dus wêze te moatten, dat der koart nei 1500 in brek yn 'e ûntjouwing fan it Wfr. west hat, wêrby 't de útgong -et ferfongen waard troch -e. Om't de tuskenfase mei -et tige dúdlik is, ferfalt hjirmei de mûglikheid fan -*th*-ôffal.

Hjir liket it tiid om efkes werom te kommen op dy inkelde gefallen dat de oarkonden al -a of -e hawwe, nammentlik foaral foar wy. K. Fokkema (1937:165) wiist al op weifallen fan -n foar wy. Boutkan (s. 45) ferklearret dat foar it Riustringsk út in assimilaasjeregel *-n + w- > -w-, dy 't ek yn it Ahd. en Mhd. foarkomt. Foar it Frysk is dat in prinsipe allinne mar fan tapassing op 'e preterito-presentia, mar de ûntstiene útgong hat him yn 'e oarkonden blykber ek al oer oare tiidwurdssoarten útwreide.

Offal fan -n yn ynferzje komt noch mear foar, sa yn it Mnl. foar *wi*

⁶ De *n* fan *moten* stiet kursyf en is dus út in ôfkoarting oplost. By besjen fan foto's fan it hânskrift die bliken, dat der yndied in dúdlike ôfkoartingsstreep boppe de e stiet, dy 't mist by de e fan b.g. *durre* (II:292), *schille* (II:50).

en *si* (Van Loey I:57). Tige wichtich is de opmerking fan Lasch (1914:227) foar it Mnd.: "-t, -n fällt vor dem suffigierten pronomen aus: *geve wi*". Of neffens Sarauw 146: "Vor den nachgestellten Pronomina *wi, gi* geht die Verbalform meist auf -e aus: *hebbe wi, hebbe gi*. Krekt sa komme yn it Aldingelsk sokke ferkoarte foarmen (*binde we* ensfh.) foar de 1. en 2.pl. foar (Brunner 1942:289f.). Foar it Afr. neamt Van Helten (105) twa gefallen fan ôffal fan -th foar pronomen, ntl. *schellawy*⁷ en *fâ j* en fergeliket Aldingelsk *bindewe, -ge*. Ferl. ek Awfr. yn it "Autentica Riocht" *scedase 'skiede se', stera se 'stjerre se'* (Brouwer 1941:231, 233). Op grûn fan dizze gegevens moatte wy hast wol oannimme, dat yn alle Westgermaanske talen de pl.pres.ynd. op -a of -e útgean koe yn ynferzje foar pronomina. Dat wol sizze dat dy útgongen yn 'e sprektaal faak foarkomme koene, ek al hawwe se yn 'e oarkonden mar in lege frekwinsje. Alleast yn it Frysk koe dan de útgong -e ek linich de funksje fan -et yn 'e normale wurdoarder oernimme.

3. Sprieding oer it Nijfryske taalgebiet.

Troch it praktysk ûntbrekken fan oarkonden⁸ is yn oare Fryske gebieten it ferrin fan de ûntjouwings net sa moai te datearjen. It neistinoar fan -t en -th yn 'e pl.pres.ynd. komt lykwols al foar yn it earste Riustringer hânskrift fan sawat 1300, dat nei Boutkan (1996) syn behanneling te beskôgjen is as in hast fonetysk ôfskrift fan in sprutsene tekst fan dy tiid. Boutkan (116f.) kin lykwols gjin syngroane regel fine foar de ferdieling fan dy beide foarmen, al liket der in licht ferbân mei it folgjende wurd te wêzen (-t foar a, s, t en pauze + and).

Ofb. 2 jout de sprieding yn 'e Nijfryske tongslaggen wer. It fan it Riustringsk frij rjochtlinich ôfstammende Wangereachsk (Wang.) hat allinne -t as útgong beholden (*wî hä'bbet* ensfh., Ehrentraut 1849:33). Dêr sil him dus ek de yn par. 2 foar it Wfr. fûne oergong (-t + -th) > -t foardien hawwe. De -t hat him yn it Wangereachsk sels útwreide oer de preterito-presentia (b.g. *wî silt*, 'wy sille', Eh 36), wylst R1 (*wi skilun* hat (Boutkan 143)⁹. Ehrentraut syn koartlyn weromfûne en krekt

⁷ Mar dêr moat it lykas by alle preterito-presentia om -n-ôffal gean.

⁸ Ut Eastfryslân binne gjin Frysktalige oarkonden bekend en út Grinslân allinne út 1385, 1393 en 1397 (Alma e.o. 15) en de âldste eigendomslist út Slochteren (sawat 1400; Alma e.o. 9).

⁹ It Aldfrysk toant dochs ek al ferskaat: [*wi*] *skilu, skele,*

ferskynde teksten (Versloot 1997) toane konsekwint itselde byld.

De yn par. 2 beskreaune ôffal fan *-th* yn ynferzje is yn it Wangereachsk útwreide ta ôffal fan 'e foargeande fokaal, yn oerienstimming mei Siebs 1901:1246 (útfal fan middelfokaal)¹⁰. Wy fine dat yn foarmen as *kan' wii* Ve59, *sil wii* Ve351 en ek bûten de preterito-presentia as b.g. *häv' wî, sûp wî* (Eh 33). Yn 'e teksten fan Ehrentraut (Ve) fine wy dat 42 x foar *wii* tsjin dochs noch 2 x *-t* (*klagiit, wult*). Yn 2.pl. foar *yum* is *-t* noch sterker, ntl. 9 x tsjin 23 x nul. By de faker foarkommende 3.pl. fûn ik by in stekproef fan 35 plakken foar *ya/yaa* de *-t* noch oeral oanwêzich.

De *-t* as meartalsútgong is boppedat bewarre yn 'e súdlikste Noardfryske tongslach fan Hååtst (Hattstedt) mei *sæt@t* '(wy) sitte', *sêk@t* '(wy) sykje' Siebs 1901: 1336. Wat mear levert Siebs 1889 mei b.g. *håĺít* '(wy) helje' 66, *hêt* '(wy) hawwe' 72, mar net yn *sæ'n* '(wy) binne' 151, *ê@* '(wy) ite' 127 en yn 'e preterito-presentia *kun* '(wy) kinne' 87 en *moe'n* '(wy) moatte' 235. Yn 'e taalatlas (DSA, kaart 7) is hjir ek dúdlik in *-t*-eilân oanjûn.

It útstoarne mar om 1700 yn twa wurdlisten oerlevere Wurstfrysk jout net folle hâldfêst; faaks stykje meartalsfoarmen '(wy) *spylje, *stelle' yn *Splitt* 'Ein Spiel' (Möllencamp 120) en it skraste *stald* 'Stellet' (121).

Frij rommelich is yn 1691 de sitewaasje yn it Harlingerlânske Frysk fan Stedesdorf (Kükelhan): *kund* en *habbet* njonken yn ynferzje *kan wy, habb wy* lykje de Wangereachske tastân te spegeljen, mar yn *wulln, mutten* njonken *mutt* is de *-n*-útgong fan 'e preterito-presentia bewarre, en yn *bidden wy* yn it tafoege gedicht sels fierder útwreide, krektlyk as yn *duahn, glaifen* '(wy) dogge, leauwe'. Neist *zynt, sint, sunt* '(wy) binne' komt seldener *zyhn* foar, wylst by 8x *gungi* '(hja) geane' de *-t* ôffallen is, lykwols altyd foar *up*. Kontaminaasje fan foarmen toant *folgent* '(wy) folgje' (s.86). Hjir moat by betocht wurde, dat gâns teksten út it Nhd. oerset binne.

Imel Agena út it wat westliker Upgant by Norden jout yn 1632 konsekwint *-en*: *haben, sen, woend'rn*, mar yn ynferzje *wirdi* = **wird i* (Holthausen 1927:68f.).

skilun, [hia] skilun, skelen, skelin, sken, schellet, schillet (v. Richthofen 1840:1030) mei de *-et*-foarmen yn Westerlauwerske boarnen. It lêste wiist op gearfallen mei oare klassen, grif as gefolch fan 'e sterke analogy-ynfloed yn it Westerlauwerske Frysk (fgl. Kramer 1996:218).

10 Nammers ek al yn 1500 *habb[]se* OI.76.39.

Alle oare Nijfryske tongslaggen hawwe krekt as it Wfr. ôffal fan -t. Dus Skm. *hewwe* (Fokkema 1959:20), Hlp. *hEw@* (de Boer 1950:174), Sfr. *hääbe* (Kramer 1982:34), Nfr. *fêstelân hääwe* (Wilts I:7, V:7, VI:7) '(wy) hawwe' en ek al om 1600 op it letter ferdronken eilân Strand: *flöeky, liege* '(wy) flokke, lige' (Zieseemer 63).

Yn 'e ynferzje foar *wi* en *ji* hat it Sealtersk troch konsonant-útfal noch fierder ferkoarte foarmen by guon preterito-presentia en 'hawwe', b.g. *mou wi, schä wi, ko ji* 'moatte wy, sille wy, kinne jim' en njonken *hä wi* ek *ha ji* (Kramer 1982:34), faaks troch de ûntjouwing [*ei>ai*]). It Wfr. hat sprutsen foarmen: *kiñ se, si jim, ha wy, riñ wy, do jim* (by *kinne, sille, hawwe, rinne, dogge*) en it Skm. *ha* (Fokkema 1959:21), wat wy yn it Aasters ek yn 'e hiele pl.pres. en de ynfinityf fine (Roggen XVII). By Knop fyn ik foar it Westers allinne de ynfinityf [*hab@*] (213), wylst yn it Aasters it suffiks by tiidwurden yn alle posysjes ôfslyt (216)¹¹. It fêstelâns-Noardfrysk hat neffens *hääwe we* (Sjölin e.o. 1988:103) en *moît'e wî* (Jensen 366) blykber yn dizze posysje gjin ferkoarting, mûglik yn kontrast¹² ta it eilâns-Noardfrysk dat it yn alle posysjes hat (sj. hjir ûnder).

Yn guon tongslaggen hawwe de preterito-presentia¹³ -n holden: sfr. (*wi*) *duuren, konnen, mouden, muugen, schällen, wieten, wollen* (Kramer 1982: 34f.), Nfr. Wiedingharde *wän, skän* (Wilts I:8), Bökingharde (Mooringer) *wan, schan, mönje* (Wilts V:8), Nordergoesharde *wän, schän, moune* (Wilts VI:8f.), Strand 1600 *wy schinn* (Zieseemer 63).

In oar effekt docht him foar op 'e oare Noardfryske eilannen, dêr 't yn 'e ynfinityf en tagelyk yn 'e pl.pres.ynd. ek noch de útgongsfokaal weifallen is by ferskate tiidwurden, foaral swakke fan 'e 1e klasse (Siebs 1901:1241). Sa Föhr en Amrum *wi brük, wi luup, wi haa* 'wy brûke, rinne, hawwe' (Wilts II:11,7, III:10,11,7) mar noch net Föhr 1600 yn *flöecke, leege* (Zieseemer 63, no *flek, leeg*, Tams Jörgensen 26, 50), Sylt *wi brük, wi laap, wi haa* (Wilts IV:10,11,7), Helgolân (Helg.) *wi taal, wi rup, wi hoa* 'wy telle, roppe, hawwe' (Borchert e.o. 102, 104). Yn it Wangereachsk is dat by de ynfinityf ek faak bard (Siebs 1901: 1240):

11 It Biltsk hat neist de folle foarmen ek sokke ferkoartings (Buwalda 1954), dy 't nammers yn ynferzje bûten it Frysk ek frij algemien binne.

12 Oer ûnderskate soarten beynfloeding oer dialektgrinzen hinne, sjoch b.g. Schaars 222-231. Wilts (I,V,VI) neamt foar it fêstelâns-Noardfrysk ek gjin ferkoarte foarmen.

13 Dêr rekkenje ik 'wolle' ek by, om 't it him yn dy tongslaggen op deselde wize hâldt en draacht.

lôp, grîp, mar net yn 'e pl.pres.ynd.: *lôpet, grîpet* '(wy) rinne, gripe' (Ehrentraut 1849: 38, 42 mei help fan Remmers 1993)¹⁴.

De fraach dêr 't it hjir lykwols om giet is, wat yn'e measte tongslaggen de ôffal fan de *-t* feroarsake hat. Yn it Aldfrysk falt wol gauris de ein-*t* nei spiranten ôf (Siebs 1901: 1273), mar dat hat him yn it Nijfrysk net trochset. Fierders komt it ôffallen fan ein-*t* yn it Frysk net op grutte skaal foar. Yn grut kontrast dêrta hanthavenet de ein-*t* him sels algemien yn 'e 3.sg.pres.ynd.: Wfr. (hy) *brûkt*, Sfr. *brukt* (Kramer 1982: 31), Wang. *gript* (Eh 42), Helg. *taalt* (Borchert e.o. 102), Wied.Föhr Amrum Sylt Bök. Nogh. *brükt* (Wilts I:10, II:11, III:10, IV:10, V:10, VI:11). Om't boppedat lykas boppe beskreaun de útgong *-(e)t* yn it ienheids-meartal yn it Wangereachsk en yn Hattstedt behâlden wie, liket it net maklik, in yntern-Fryske oarsaak foar dat ferskynsel oan te wizen. Dêrom is it faaks de muoite wurdich en sjoch ris oer de taalgrins.

4. De ûntjouwing yn it Nedersaksysk, in literaturoersjoch¹⁵.

It Aldsaksysk hie foar notiid meartal yndikatyf ek al in ienheidsútgong (*-iad/t/ð, -od/t/ð*, Holthausen 1900:149, vgl. Århammar, 1990:11) njonken *-un* by de preterito-presentia. Neffens Lasch (1914:226) wie dêr yn it Mnd. neat fan oerbleaun. Hja sjocht striid tusken *-et* en *-en*, sûnder ferbân mei de lettere dialektyske ferdieling (westlik *-et* en eastlik *-en*).

Sarauw fûn lykwols dat de Aldsaksyske tastân him fuortsette yn it âldste Middelleechdútsk (Mnd.) as *-et* resp. *-en*, mar dat it al gau trochinoar rûn. By de preterito-presentia begûn *-et* foar te kommen, wylst *-en* trochkrong nei de regelmjittige presentia, mei ûnder ynfloed fan 'e *-en* fan 'e konjunktyf (Sarauw II:145). De earste tekens fan de feroaring fynt S. al yn 1216, mar yn 1494 is der noch wol betizing tusken *-et* en *-en*, alhoewol't it lêste dan de oerhân krigen hat.

Dy sitewaasje komt net oerien mei dy yn 'e hjoeddeiske Nedersaksyske tongslaggen, wat neffens Sarauw (II:146) leit oan it feit dat de Mnd. skriuwtal de omgongstaal fan 'e stedsjers wjerspegelje soe

14 Århammar (1967:7f.) ferklearret de eilâns-Nfr. foarmen troch ôffal fan Afr. *a*, mar mei dizze gegevens liket it der op, dat dat earst yn ynferzje foar 'wy' bard is, wêrby 't de ferkoarte foarmen dan letter algemien tapast binne, wat him dan ek by Aasters *ha* (sj. boppe, par. 3) foardien liket te hawwen.

15 Sj. no ek Niebaum 1997:58-64.

en net dy fan 'e plattelânsbefolking¹⁶. Lykas yn 'e Heliand komme yn it Mnd. ek meartalsfoarmen op *-ent* foar. Sarauw tinkt dêrby oan Leechfrankyske en Heechdútske literêre ynfloed en yn guon gefallen oan echte lûdsûntjouwing.

Dêrnei stelde Lasch, dat it eastlike Nedersaksysk mei Lübeck as haadsit de trochslach jûn hie foar de Mnd. skriuwtaal, sa 't dy sûnt de twadde helte fan 'e 14de ieu sichtber wurdt. Lübeck moat neffens har yn dy tiid yn it *-en*-gebiet lein hawwe (Lasch 1925:64).

Op ôfb. 3¹⁷ is de sprieding fan beide útgongen yn 'e moderne tongslaggen werjûn. De útgong *-et* beslacht in grut part fan Noardwest-Dútsklân en East-Nederlân. Yn West-Nederlân hearsket *-en*, mei in smelle stripe oer de Stellingwerven ferbûn mei Grinslân en Eastfryslân en fierderop Sleeswyk. It Easten - sawat foarby de eastlike grins fan it lân Nedersaksen - hat ek *-en*. It Heechdútske gebiet oan 'e súdkant hat mei *-en/-et/-en* (*wir hoffen, ihr hoffet, sie hoffen* 'wy/ jimme/ hja hoopje') gjin ienheidsmeartal, likemin as Súdeast-Nederlân en Flaamsk-België. Op 'e kaart is net oanjûn, dat yn West-Nederlân *-en* yn 'e nijere tiid troch algemiene ôffal fan *-n* ta *-e* wurden is, útsein yn Westfryslân (by Alkmaar), dêr 't de *-e* in Fryske oarsprong hat, lykas te sjen is oan it behâld fan *-n* yn it gerundium, b.g. yn *te lopen* (van den Berg 12, 11).

Foar Eastfryslân fynt Janssen (59ff.) *-t*-foarmen yn it Easten en Suden, foaral by 'dwaan', 'wolle', 'hawwe', 'stean' en 'gean'. Janssen beskôget dat as resten fan 'e Aldfryske *-t*. Schmitt (159f.) besiket *-en* yn Grinslân en Eastfryslân te sjen as in kompromis tusken it Afr. ienheidsmeartal op *-t* en Nederlânsk *-n/-t/-n*, mar achtet dat minder wierskynlik fanwege de smelle ferbiningsstripe by de Sudersee lâns. It ienheidsmeartal op *-n* kin neffens him dêrom allinne tebekfierd wurde op 'e *-en* fan it koloniale easten en de mnd. taal fan 'e Hânze. Dan moat dy taal net allinne skreaun, mar ek wakker praat wêze.

Yn syn grut wurk oer de Nederlânske taalresten yn Dútsklân besprekt Teuchert de *-en/-et*-grins allinne oan 'e westkant yn ferbân mei de

16 De stêden kinne har yn har skriuwtaal ek op 'e ûntfanger rjochte hawwe, lykas Vries (29-36) sjen lit foar de Fryske stêden.
17 Skematysk gearstald út Århammar 1968:296, van den Berg 9:kaart 2, DSA kaart 7 (Sätze 1, 14, 36, 38), Goeman 1976/83:192 (krt. 5), 1992:139 (krt. 20), Goossens e.o. 1970:krt. 5, Heeroma 1964:49, Niebaum 1973:168, Sassen krt. 15. Allinne foar België: Taalatlas ôfl. 7, no. 3 (2.pl.pres.); diskrepânsje (sj. Goeman 1993:135) oerbrêge troch folgjen fan 'e lânsgrins. Ofb. 2 is in dielfergrutting fan ôfb. 3.

skieding Nedersaksysk/Nederfrankysk (Teuchert 1944/1972: 95f.). Fierderop komt er dêr frjemdernôch net op werom en nimt blykber stilswijend oan, dat de *-en* yn it easten in gefolch is fan 'e Hollânsk-Flaamske kolonisaasje út 'e 12te ieu. Yn dit stik fan saken is it opmerklik, dat de Hollânske kolonisaasje lâns Wezer en Elbe (Teuchert 17ff., krekt sawat bûten eartiids Frysk gebiet) yn it moderne kaartbyld gjin *-en* opsmiten hat en dy yn it easten wol. Dat soe der mei gearhingje kinne, dat de kolonisaasje yn it easten sa't it liket delkaam op in totale feroaring fan 'e befolking (de Slaven sille nei de ferlerne oarloegen (s.28, 111) foar in grut part ferjage wêze), wylst oan Wezer en Elbe neffens Teuchert (s.19) allinne it woeste ûnbedike lân fan 'e doarpen beset waard.

Foar it Nedersaksysk yn Sleeswyk besjocht Bock (146-149) skriftlike boarnen fan sawat 1325 oant 1925. De preterito-presentia hawwe fan it begjin ôf *-en*. By de swakke en sterke tiidwurden komt *-et* allinne yn it begjin foar, mar om 1350 is it al yn 'e minderheid en it ferdwynt om 1400 hinne. Fan 1400 oant 1650 hearsket *-en* allinne, wylst letter inkeld ris *-et* opdûkt. Bock is it mei Sarauw iens en tinkt dat de Sleeswykse *-en* op 'e sprektal fan stêden as Flensburg en Schleswig berêst.

Jørgensen (103-125) jout geografysk oardere gegevens út taalatlasopnamen en oare jonge skriftlike boarnen út Sleeswyk. Sa besiket er foar elke doarpstongslach in algemiene beskriuwing fan 'e bûging fan 'e pl.pres. ynd. te jaan, ek rekken hâldende mei dûbelfoarmen (s.111ff.). Hy fynt dêrby, dat yn Súd-sleeswyk noardlik fan 'e op ôfb.3 oanjûne grins by Friedrichstadt dochs noch in lyts tal tiidwurden útgongen op *-et* hat, ta nul ôfnimmend oant healwei de Deenske grins yn Midden-Sleeswyk. Dêrby lykje *-et*-foarmen mear foar te komen as yn it ferline.

Op side 117 fynt J. dat *-et*-foarmen yn it eartiids Fryske gebiet Eiderstedt oan 'e westkust gjin Fryske relikten wêze kinne, om 't se oars as yn 'e Fryske tongslach fan Hattstedt ek by de preterito-presentia foarkomme. Oan ynfloed fan Deensk substraat falt neffens him ek net te tinken, dat hy hâldt it op ynfloed fan it súdlike (Holsteinske) gebiet. Hy beslút mei oan te nimmen, dat doe 't om 1700 Middensleeswyk (bûten de stêden) noch Frysk en Deensk wie, mar Súd-sleeswyk al Nedersaksysk, dy *-(e)n*-bûging oer it hiele (net-oarspronklike!) Nedersaksysk fan Súd-Sleeswyk ferspraat wie. Mei it tebekgean fan Frysk en foaral Deensk hat dat *-(e)n*-gebiet him fierder nei it noarden útwreide, wylst it yn it suden wer belies joech. As boarne fan 'e *-(e)n* tinkt J. (123f.) oan 'e ynfloed fan 'e letter ferdwûne bopperegionale Mnd. ferkearstaal. Dy ynfloed soe dan sa grut wêze om 't it yn Sleeswyk (lykas yn Grinslân en

Eastfryslân) om in net-Nedersaksysk substraat giet en it oernimmen fan 'e nije taal ta ûnwissens late.

Bischoff giet wer yn op 'e taal fan Lübeck. Hy wiist derop, dat der yn 'e 12te ieu noch gjin eastlik Nedersaksysk wie. It wie de tiid dat minsken út alle krite fan it keizerryk har yn it nije gebiet fêstigen: Holsteiners, Westfalen, Friezen. By de opbou fan it 1158 stifte Lübeck moatte foaral Westfalen betruetsen west hawwe. Persoansnammen en soks wize út, dat noch 200 jier letter gâns Lübeckers út Westfalen ôfkomstich wiene (Bischoff 11). It leit dus foar de hân dat dy in grutte ynfloed op 'e taal hân hawwe, mar dy hie yn Westfalen oant yn âlde tiid *-et*, útsein yn it súdwestlik rânegebiet. Ut it eigen begjin fan 'e as steapelplak al gau tige wichtich wurden stêd Lübeck sels sil de *-en* dus net kommen wêze. Yn it eastlik oanslutende Mecklenburg is de kolonisaasje net op gong kommen nei de ferneatiging fan 'e earste Flaamske koloanje yn 1164 (Teuchert 28) en dêr wurde ek gjin Nederfrankyske (Nederlânske) wurden fûn (Teuchert 117). Wy kinne dêrom yn Lübeck neffens B. allinne mar oan westlike ynfloed tinke. Hy fiert dan tekens oan fan Hollânske en Flaamske fêstigings yn 'e omkriten fan Lübeck en neamt de ynfloed fan it ferkear mei de rike Hânzestêden Brugge en Gent. Om 't it skriuwen yn eigen taal dêr fierder ûntwikkele wie, moat it de skriuwtaal fan Lübeck tige beynfloede ha (Bischoff 18f.).

Yn syn rige oer it Eastfryske Nedersaksysk tinkt Remmers (1994:137, noat 13) foar de útgong *-en* freegjenderwize oan gearhing mei de Fryske foarmen fan de preterito-presentia. Willkommen (freonlike meidieling) jout foarbylden op *-en* fan Nordstrand (te ferskinen yn syn fonology). Hy neamt dat de Noardsleeswykse stêd Tondern (Tønder) al yn 1243 Lübecker stedsrjocht krige. Fierders sjocht er âlde Holsteinske ynfloed yn Husum en wiist op it foarkommen fan *-t* neist *-en* by de dêr 1817 berne skriuwer Theodor Storm¹⁸ (Mensing 240).

Oan 'e westlike kant wie yntuskentiid ek al wat oan it probleem dien. Van den Berg (1949) jout kaarten fan alle notiid-útgongen, dêr 't er ek it ferbân mei guon ekonomyske sintra op oanjout. Foar it Westerlauwersk Frysk en it Westfrysk liket er út te gean fan ôffal fan *-th* (s.11).

Hol (1955) beskôget it ienheidsmeartal op *-et* as oarspronklik.

18 Dy útfanhûze wol gauris yn Holstein, mar syn foarbylden binne yn oerstimming mei it fan Jørgensen (115) foar it westen fan Súd-Sleeswyk neamde foarkommen fan *-(e)n* en *-t* by itselde tiidwurd en sûnder ûnderskied fan persoan.

Heeroma (1950, 1957) dêrfoaroer brûkt de fersprieding dêrfan as tsjûge foar syn theory fan 'e Westfaalske ekspânsje. Yn Heeroma (1964:48ff.) sjocht er de by (Westerlauwersk) Fryslân en de Sudersee lâns lizzende stripe *-en*-gebied as in perifear restgebied dat him mei sukses ferward hat tsjin in út it easten kommende fernijing, ntl. de *-et*-útgong.

Goossens ûndersiket de grinzen fan guon taalferskynsels yn East-Nederlân yn ferbân mei westlike ynfloeden. Hy konkludearret dat it ferrin fan de *-en/-et*-grins oan 'e súdkant fan 'e Sudersee allinne troch oername yn 'e nijere tiid fan 'e Hollânske útgong *-en* yn 'e Suderseestedsjes te ferklearjen is (Goossens 1991:117).

Goeman (1993) beklaget him deroer dat faak fan 'e uterste begrinzing fan in ferskynsel útgien wurdt. Hy behannelt dêrom de fariânsje, dat is hoe faak in ferskynsel relatyf foarkomt. Jørgensen hold dêr al rekken mei (sj. boppe) en it wie Sassen (283) ek al opfallen: "In het Zwdre[ntse] *-en*-gebied [...] hoort men ook nog wel vormen op *-t*". Goeman brûkt in statistyske ferwurking fan 'e geografyske sprieding en it foarkommen yn oarkonden fan 'e ferskate meartalsútgongen. Dêrby is foar ús fan belang, dat yn hiel East-Nederlân de útgong *-en* al om 1350 yn grutte persintaazjes foarkaam. G. syn foarlopige konklúzje is, dat de *-t* net troch jongere Westfaalske ekspânsje ferspraat is en dat de tsjintwurdige fariânsje al earder bestie en oarspronklik oan 'e persoansfoarmen bûn wie. Dêrfoar fiert er bewizen út it Aldingelsk en de Wezerrunen oan.

Niebaum (1997:62f.) is fan betinken, dat de ferklearring noch lang net rûn is. It soe neffens him helpe kinne, de Noardseegermaanske eftergrûn der fierder by te belûken. Grinslân en Eastfryslân hawwe de *-en*-útgong net fia de Hânzetaal oernommen; dêrom tinkt er earder oan westlik-Hollânske ynfloed fia de omgongstaal.

5. Oername yn it Frysk?

Hofmann (1956) giet s. 89ff. djip yn op 'e Fryske oergong fan *-ap* nei *-e*, om't it liket op in algemien Fryske ûntjouwing, útsein dan foar Wangerooge en Hattstedt. As dy *-e* itselde wie as de Nedersaksyske útgong *-en*, dan soe letter de *-n* ôffallen wêze moatte. H. fynt lykwols ek al yn 'e Wfr. oarkonden, dat *-ath* ens. him fia *-et* noch oant yn 'e 16de ieu fuortset. Doe wie de Fryske *-n*-ôffal¹⁹ lykwols kwealik noch wurksum,

19 Dy wie wol oarsaak fan 'e Fryske ynfinityf op *-a*, fgl. Siebs 1901: 1265f.

wylst boppedat de *-n* yn it preteritum en yn guon tongslaggen by de preterito-presentia kreas bewarre binne. De Fryske útgong *-e* liket dêrom net troch de Nedersaksyske útgong *-en* ferklearre wurde te kinnen. As men yn it Aldfrysk in útgongspunt sykje wol, bliuwt dan eins alinne de ynfinityf-útgong *-a* > Nijfrysk *-e* oer. Dan soe it dus dochs in algemien Fryske ûntjouwing wêze, yn it Noardfrysk faaks noch ûnder stipe fan it Deensk.

Dochs wol H. ferbân mei it Nedersaksysk net alhiel bûten beskôging litte: It Fryske *-e* fan Sealterlân stekt as in útrinder fan it Nedersaksyske *-en* fan Eastfryslân yn it *-et*-gebiet op en Wangerooge mei Frysk *-et* leit krekt binnen it Nds. *-et*-gebiet. It Nfr. *-et*-gebiet fan Hattstedt is dêr lykwols troch in stripe mei *-en* fan skaat (mar sjoch par. 4, Willkommen oer *-t* yn Husum).

Op dit punt yn 'e diskusje soe ik in oare mûglikheid nei foaren bringe wolle, nammentlik dat de Fryske *-e* in **oersetting** is fan 'e *-en* fan 'e buortalen. En dat wol op sa 'n wize, dat de gelikensens **notiid meartal = ynfinityf** oerbrocht is fan 'e iene taal yn 'e oare. Op in mûglike oarsaak dêrfoar kom ik yn par. 6 werom. Dat dy ûntjouwing gie yn 'e rjochting fan 'e ynfinityf (ik kin *hawwe*) en nearne yn dy fan it gerundium (te *hawwen*), kaam grif om 't de foarm sûnder *-n* yn in it Frysk al klear lei yn 'e foarmen yn ynferzje (sj. par. 2).

Kinne wy op dy wize it Fryske *-e*-gebiet beskôgje as in fuortsetting fan it *-en*-gebiet, dan feroaret it kaartbyld ynienen en kriget sterk de foarm fan in út it westen wei optsjende ynfloed. No wie der yn Westerlauwersk Fryslân allang Nederlânske ynfloed troch hannel en frjemde troepen (Fokkema 1937:4-15), lykas ek bliken docht oan hieltyd sterkere Mnl. (en ek Mnd.) ynfloed op 'e wurdskat (Sjölin 1969:18, Vries 6). Mar dy ynfloed waard noch folle grutter doe 't Westerlauwersk Fryslân yn 1498 syn selsstannigens ferlear en noch mear yn 1515 doe 't it ûnder bestjoer fan Brussel kaam te stean. Dat hie as gefolch dat yn 1540 it Frysk as skriuwtaal praktysk ôfdien hie (Vries 180f.). Soks sil ek ynfloed op 'e sprutsene taal hân hawwe (Fokkema 1937:20-74) en de boppe (par. 2) konstatearre brek yn 'e taal sil der dêrom net los fan sjoen wurde kinne.

Mar de Stellingwerven stiene fia it Utertske stipepunt yn Vollenhove ek ûnder westerske ynfloed (Bloemhoff 25). Nimme wy dan noch efkes de ynfloed fan 'e biskop fan Utrecht yn 'e stêd Grins (Naarding 56) yn beskôging en de yn par. 4 sketste westlike ynfloed op 'e Hânzetaal,

dan docht bliken dat der fan dy kant hiel wol mûglikheden ta it ynstreamen fan fernijings wiene. De tongen fan it -en-gebied om de gruttere plakken Assen en Meppel²⁰ wize earder op jonge ynfloed fan it algemien Nederlânsk. De -en-tonge súdeastlik fan Grins toant de ynfloed fan dy stêd op 'e Feankoloanjes (vgl. Goossens 1991:118).

Dochs hat it kaartbyld noch tige sterk de foarm fan in Fryske kearn mei in Nedersaksyske râne. Dat soe komme kinne om 't it Frysk gebrûk makke fan syn ynferzjefoarmen op -e, wylst dat yn it Nedersaksysk net barde²¹. Dat kin betsjutte dat it nije ferskynsel him yn it Fryske gebiet folle flugger fersprate en dat dat sadwaande foar it Nedersaksysk in ekstra útstrielingsgebiet waard. Yn Eastfryslân en Grinslân sil him dat dan noch foar of ûnder de ûntfrysking²² ôfspile hawwe (in perioade fan betizing, vgl. par. 4, Jørgensen), mar ek fanâlds blykber Nedersaksyske gebieten lykas de stêd Grins en de Stellingwerwen waarden dertroch ferovere.

20 Op 'e kaart by Goossens e.o. (1970) in -en-eilân.

21 Dat it Nedersaksysk dochs op -en oergie, kin him deroan lein hawwe, dat dy útgong dêr in sterkere posysje hie. Dy hearske nammentlik ek yn 'e ynfinityf (Lasch 1914:224). Mar de troch taaloerienkomst sterkere ynfloed fan it Nederlânsk fia ûnderling ferkear - direkt of fia it eastlike Nedersaksysk - sil grif ek meispile hawwe.

22 In noch net goed ferklearre ferskynsel (Niebaum 1997:52, sj. ek 53-58). Yn Kramer (1990) haw ik in mûglike oarsaak útwurke.

In oansjenlike Nederlânske ynfloed hearske ek yn Noardfryslân. Al sûnt 1460 waard dêr ûnder druk fan 'e Deenske kening drok lân bedike (Panten 90). Der hearske grutte bloei (s.96) en al yn 1461 krigen Amsterdamske keaplju frij om nei Husum te farren (s.92), dat op dy wize krigen de Noardfriezen faaks kunde oan Hollânske dikebouwers. Yn elk gefal waard de earste dykgraaf fan hiel Noardfryslân yn 1609 in Nederlanner (Kuschert 125) en yn 1634 joech de ferneamde Hollânske wetterboukundige Leeghwater ferslach fan 'e oerstreaming fan it eilân Noardstrân, dêr 't er mei de dikebou dwaande wie (134). De hartoch liet it oerstreamde lân yn 1652 wer bedykje troch in Brabanner en dy krige it doe yn besit. Sa waard it in taflechtsoard foar roomske Nederlanners, dy 't der yn 1662 har eigen tsjerke bouden (138). Remonstrantske flechtelingen koene ek by de hartoch terjochte en dy mochten yn 1620 begjinne mei it bouwen fan har stêd Friedrichstadt dêr't Nederlânsk de bestjoerstaal waard en dêr 't no de trepgevels noch te bewûnderjen binne (154). Noch in oare ynfloed ûntstie sûnt 1634 troch it farren fan eilâns-Noardfriezen op Nederlânske walfiskfarders en letter ek op keapfardijskippen; gauris as kaptein. Yn it jier 1769 wiene der 1600 seelju op it eilân Föhr allinne (192f.)²³.

As wy der fan útgean meie, dat de Hollânske ynfloed al rûm foar 1609 begûn, dan liket ús ferskynsel dêr yn tiid aardich mei te klopjen: Westerlauwersk Fryslân giet koart nei 1500 ta -e oer (sj. par. 2), Sealterlân moat hast wol foar 1650 oergien wêze²⁴ en de Strander tekst bewiist dat yn Noardfryslân alteast op dat eilân yn 1600 al -e hearske. Sa hat faaks it Noardfrysk ek in útstrielingsgebiet west, dat tegearre mei de boppe skildere jongere Nederlânske ynfloeden it nij ûnsteande Sleeswykse Nedersaksysk syn -en-útgong besoarge hat. It ûntbrekken fan in Fryske 'katalysator' yn 'e Hollânske kolonisaasjegebieten oan Wezer en Elbe (sj. par. 4, Teuchert) kin der sels ta laat hawwe dat de -en him dêr net trochset hat.

No bliuwt noch de frage oer, wêrom't de ûntfryske tongslaggen yn it westen (Westfrysk, Stedfrysk, Midslânsk, Amelânsk, Biltsk) de -e as pl.pres.ynd.-útgong holden hawwe²⁵, wylst se yn it easten, lykas boppe

23 Oer Hollânske ynfloed yn Noardfryslân troch de skipfeart sj. no Menke.

24 By de rekatolisaasje om dy tiid waard it kontakt tusken Sealterlân en Eastfryslân fierhinne ferbrutsen (Kramer 1994: 20f., 48).

25 Sj. Pannekeet b.g. 215 (make), Fokkema 1937:164, Knop 107-121

behannele, *-en* oannommen hawwe, wat him dêr sels útwreide ta kolonisaasje- en rânegebieten. Wat dat oangiet is it sûnt 1505 troch Súd-Hollanners, Westfriezen en Friezen ynpoldere en befolke Bilt (Buwalda 1946:12) in hast folsleine parallel mei Noardstrân (sj. boppe), mar it hat wol *-e*.

Om it ûnderskied oan ynfloed fan it Hollânsk resp. Nedersaksysk te witen, leit perfoarst net foar de hân, want dy talen hawwe ommers as útgong *-en* resp. *-et* en net oarsom. In oare oarsaak soe lizze kinne yn it al foar de ûntfrysking weiwurden fan 'e útgong *-en* by de preteritopresentia yn it Wfr., wylst dy yn 'e eastlike tongslaggen beholden bleau (fgl. par. 3, Remmers). Mar dan soe it Stellingwerfsk de *-en* út it Easterlauwerske Frysk krigen hawwe, wat net sa yn 'e reden leit.

As iennichste mûglikheid liket dan noch oer te bliuwen it ûnderskied yn tiidskaal. It Stedfrysk is ûntstien yn 'e rin fan 'e 16de ieu (Fokkema 1937:66ff.) wylst doe de útgong *-e* yn it Wfr. faaks alhiel ynboargere wie. Foar it Westfrysk binne foar de oergong op *-e/-a* gjin gegevens, mar dy kin bêst al begûn wêze yn 1289, doe 't Westfryslân troch greve Floris V fan Hollân ferovere waard (Romein 110). De ûntfrysking sil dêr mar hiel stadich op folge wêze, want sels it hjoeddeiske Westfrysk toant noch aardich wat Fryske skaaimerken (sj. by Pannekeet).

Oan 'e eastkant dêrfoaroer liket it opjaan fan *-et* folle mear gearfallen te wêzen mei de ûntfrysking, dy 't grif ek in wat oar karakter hie: neist it behâld fan inkelde Fryske taaleilantsjes kaam dêr mûglik yn in frij koart tiidsbestek in nije algemiene taal mei mar in bytsje Fryske skaaimerken. De boarne fan dy taal kin lein hawwe yn rânegebieten, lykas Grins en de Stellingwerven, mei *-en* út oersetting fan 'e Frysk-Hollânske gelikensens **notiid meartal = ynfinityf**.

6. In mûglike djippere oarsaak.

As de meartalsútgongen Nedersaksysk *-en* en Frysk *-e* wier op Hollânske ynfloed berêste, dan is it wol de meast suksesfolle taalútwreiding fan dy kant, dy't sels yn it oars foar dy ynfloeden ûntagonklike Mecklenburg foet oan 'e grûn krige. As sa'n yngripende feroaring yn oare talen ta stân brocht wurde kin, dan moat dêr hast wol in djippere oarsaak foar te finen wêze. Ik wol besykje hjir sa'n oarsaak oan te wizen.

Alderearst moat hast wol fêststeld wurde, dat it gjin fonetyske wurking is: hast nearne yn it Fryske gebiet wurde oare útgongen *-(e)t* oantaast (b.g. net yn 'e 3.sg.pres.ynd.), wylst yn it Sealtersk de âlde

(allinne jûn foar ynfinitiven), Oud XVI, Buwalda 1996:xxi.

útgong yn 'e ymperatyf pl. noch springlibben is: *bruket!*, *moakjet!*²⁶
Boppedat wurdt de pl.pres.ynd. útgong ek net yn alle gefallen ta -e, want yn ferskate tongslaggen is by de preterito-presentia dy útgong -(e)n (sj. par. 3). De konklúzje moat dus wol wêze, dat ús effekt allinne ynwurket op pl.pres.ynd. mei de útgong -(e)t. It giet der om in eigenskip te finen, dy 't allinne dy soarte wurden hat en dan komt men al gau op driigjende gearfal mei konstruksjes mei de 3.sg.pres.ynd., b.g.

afr. *wi/ji/hia (ja) delath (deleth)* mei *hi/hju(ja) deleth (delth)*
(fgl. Sjölin 1996: 36,34) of

mnd. *wê/gî/sê (si) gevet* mei *hê (hî)/sê (si) gift (gevet)* (Lasch 1914: 224, 216, 213).

No sil it mar foar in part oer folslein gearfallende foarmen gean en de foarmen tusken heakjes sille faak wat seldsume foarmings wêze²⁷. Dy gearfal sil syn oarsaak fûn hawwe yn it stimleas wurden fan fokalen sûnder klam (*delath* > *deleth*) en oare slitaazjeferskynsels. De fan bûten oanrikte mûglikheit om dy (hast) gelikensens te ferhelpen, sil dêrom oeral dêr t er bekend waard maklik oanfurde wêze. Yn guon gefallen sil de boppesteande gearfal troch oare oarsaken net foarkommen wêze (b.g. Wang. *hî gript, wî grîpet* Eh38, Hattst. *hî was'@t, wî wás'î't* 'hy wasket, wy waskje' Si73) of oars waard er blykber dochs oanfurde (b.g. Wang. *hî swä^rt, wî swä^rt* 'hy swart, wy swarre' Eh38, Hattst. *hî hêt, wî hêt* 'hy hat, wy hawwe' Si72).

Dêrby kin faaks nei in tiid fan oanfurdzjen it probleem letter dochs noch oplost wurde, fgl. it yn par. 1 neamde Wfr. *moanne* 'tiidrek; himellichem', dat earst sûnt koart yn 'e earste betsjutting *maand* út it Nederlânsk neist him kriget. Faaks is it sa, dat men ûnderskiede wol, wat yn 'e dominante taal ek ûnderskaat wurdt. It is dan homonimeflecht ûnder ynfloed fan bûten.

Yn ús gefal is der yn prinsipe noch in oare mûglikheid om in ûnderskied oan te bringen, ntl. troch it oanpassen fan 'e foarm fan 'e

26 Kramer 1982:31. Men soe oannimme kinne, dat dy útgong yn it Sealtersk troch frjemde ynfloed ûntstien is, mar dan is wol opmerklik dat er krekt yn it Afr. byld past: ymp. pl. *understondat, folgiath* (van Helten 217, 236).

27 Folsleine gearfal ûntstiet, dêr't de persoanlike pronomina fan 2.sg.f. en 3.pl. (< Afr. *hiu* en *hia*, Sjölin 1969:34) gearfallen binne, lykas yn Wfr. *hja* (no skriuwtaal), *se* (sprektaal), *ju* (eastlik), ndl. *zij*, mnd. *sê, sî(e)* (Lasch 1914:216). Net gearfallen binne se b.g. yn Skm. *jò* foar *ja* oer (Fokkema 1959:15), Sfr. *ju/joo* (Kramer 1982:21), Wang. *yû/yâ* (Eh21), Nfr. Bökingharde *jü/ja* (Wilts V:22).

3.sg. pres.ynd. Dat bart yn in part fan it Nds. gebiet troch it ôffalle litten fan 'e útgong *-t*, foaral by sterke tiidwurden²⁸. Dat bart yn it Drintske Ruinen yn *hej krig* 'hy kriget', *hej kòch* 'hy keapet' tsjin yn meartal *wej koopt* ensf. (Sassen 108), yn 'e súdlik oan Sealterlân grinzgjende Hümmling yn *häi krich, kaff* tsjin *wi krieget, koopet* (Book e.o. 293f.)

It gebiet dêr 't dat bart, is op ôfb. 2 en 3 oanjûn mei in tinne streepline, yn it Dútske gebiet út 'e taalatlas-opname *fängt*, oanjûn mei *et fänk* 'it fangt' (neffens Niebaum 1973:168) en yn it Nederlânske gebiet út Goeman 1976/83: 192 (kaart 5)²⁹. Yn it Frysk fyn ik allinne ôffal fan *-t* yn 'e 3.sg.pres.ynd. fan 'e twadde klasse fan 'e swakke tiidwurden by Bogerman (*hy macke* 'hy makket' de Boer 1900:223, I:16) en yn it Skm. (*hy daunse*, 'hy dounset' D. Fokkema 23); dêr sil homonimeflecht wol net meispylje om't de pl.pres.ynd.-foarmen (afr. *wi makiath* ens., Sjölin 1969:36) mear ôfwike.

Beide ferskynsels (pl.pres.ynd. op *-e/-enen* ôffal fan *-t* yn 3.sg. pres.ynd.) lykje de oersetting yn it Frysk en Nedersaksysk te wêzen fan 'e westlike (Hollânske) ûngelikensens **pl.pres.ynd. =/= 3.sg.pres.ynd.** De mienskiplike eastgrins fan beide ferskynsels leit útsein yn Sleeswyk tusken dy fan westlike wurden yn it Nedersaksysk, lykas *drock, wachten* (Foerste 1957 Sp. 1841: Karte 10), *vanmorgen, Saterdag* (König 183, 186). Us ferskynsels lizze dus dúdlik yn it westlike (Nederlânske) ynfloedsgebiet. Offal fan *-t* yn it *-en*-gebiet, lykas eastlik fan 'e Sudersee, liket yn dit ferbân oerstallich, mar soe wize kinne op in letter útwreidzjen fan it *-en*-gebiet. Yndied hat Daan (1971) noch *-t* fûn yn 'e pl.pres.ynd. by bern fan emigranten út dat gebiet³⁰.

De sprieding fan 'e *-t*-ôffal yn 'e 3.sg.pres.ynd. stipet dêrmei tige de boppe ûntwikkele hypotheze fan homonimeflecht foar it opjaan fan 'e útgongs-*t* yn 'e pl.pres.ynd. yn oare gebieten.

28 Dêr fansels by stipe troch de 3.sg.pret.ynd., b.g. Ruinen *hej keek*, Hümmling *häi kreech* en mei as foarbyld de 3.sg.pres.ynd. fan 'e preterito-presentia, lykas Hümmling *häi kaenn* 'hy kin', *häi schöll* 'hy sil'.

29 De dêr mei rûntsjes oanjûne gebieten by de Ryn lâns binne net meirekkene, om 't de *-t* dêr ôffalt ûnder beskate fonetyske kondysjes.

30 Wol soe men by it oannommene mekanisme ferwachtsje, dat de konsintraasje fan *-t*-ôffal it sterkste is oan 'e westlike grins mei it *-en*-gebiet, om dan fierder nei it easten minder te wurden. Goeman syn gegevens (1992:135, kaart 13) lykje dêr yndied mei yn oerienstimming te wêzen; foar it Dútske gebiet haw ik gjin gegevens.

7. It ûntstean fan it Hollânske ienheidsmeartal.

Ut Goeman syn literatuerbesprek (1993:145ff.) docht wol bliken, dat der noch net folle dúdlik is oer de oarsprong fan it ienheidsmeartal op *-en*. Op in oar plak (Goeman 1992:117) liket it der neffens him op dat Súd-hollân krekt as Grinslân in ienheidsmeartal op *-e* (út *-et*) ferfongen hat troch ien op *-en*. Hy fynt dêr oanwizings foar yn 'e ûntginningssskiednis fan 'e oare kolonisaasjegebieten dy 't no *-en* hawwe.

Beskôgje wy lykwols mei Blok (1968, 1969:44) it Súdholllânske Rynlân as oarspronklik Frysk gebiet - oan syn gegevens te sjen oant sawat 1200 - dan kin dat ek noch wat oars benadere wurde. Nimme wy nammentlik oan, dat kolonisten mei in Mnl. *-en/-e)t/-en*-systeem (Van Loey I:55) yn Súdholllân staten op in Fryske befolking mei in ienheidsmeartal op *-et*, dan liket it my hiel goed mûglik dat út de ûntstiene ûnwissens in ienheidsmeartal op *-en* boppedriuwen kaam. Yn dat gefal soe dan de Mnl. útgong *-en* ek yn 'e twadde persoan meartal oernommen wêze en is in tuskentrep op *-e* net nedich.

Soks is it bêste te begripen yn 'e mûle fan Friezen yn Súd-Hollân, dy 't Nederlansk begûnen te praten. Se hiene har eigen ienheidsmeartal mei *-et* en seagen dan faaks it Mnl. *-en/-et/-en*-systeem as in ienheidsmeartal op *-en* mei in Fryske flater. Sa koe by harren maklik in ienheidsmeartal op *-en* yngong fine. Dan soe Hollânsk dus Nederlânsk yn Fryske mûle wêze³¹. Yn Súd-Hollân waard tusken sawat 1000 en 1300 in soad nij lân oanmakke (Blok 1968:12f.) en ynkommende Mnl. kolonisten sille yn har ûnwissens maklik it nije ienheidsmeartal op *-en* oernommen hawwe.

Dy oanninge wurdt stipe troch it feit dat it *-en/-e)t/-en*-systeem ('*jullie leeft*')³² hjoeddedei yn Nederlân allinne noch mar yn it

31 It liket derop, dat dat itselde is as wat Schmitt (sj. par. 4) yn him omgean liet foar Grinslân en Eastfryslân, mar dêr sil *-en* earder op 'e yn par. 5 beskreaune wize út it al trânsformearre Hollânsk fuortkommen wêze.

32 It Hollânsk hat as 2.sg.pron.pers. *jij/je*, mar yn it *-en/-et/-en*-gebiet jildt foaral *gij/ge* < mnl. 2.pl.pron.pers. *ghi*, wat yn Limburch noch yn it meartal gongber is (van Bree 359ff.). Dêrneist hat him (útgeande fan it Hollânsk?) de nije meartalsfoarm *jullie* (< *je-lui*?) ûntwikkele. It is opmerklik dat it Frysk foar it meartal in soartgelikense nijfoarming sjen lit, ntl. afr. *jemma*, wfr. *jim(me)*, wang. *jum*, nfr. *jam, jãm, jim* (Siebs 1901:1352). It Sealtersk hat yn 'e pl. *ji* holden, mar dêr is de sg. hast folslein troch *du* ferovere. Sa liket de skieding sg. =/= pl. him ek yn it pronomens fuortset te hawwen. Fgl. ek it Súdwest-Drintsk yn it *-et*-gebiet mei *ie* foar sg. en pl. (Sassen 119) tsjin it Stellingwersk

súdeasten (eastlik Noard-Brabân en Limburch) foarkomt (Goeman 1992: 115, kaart 20), gebieten dêr 't it kontakt mei it Frysk it lytst west hawwe sil. Wat dat oangiet, soe de taalynfloed dus net allinne fan it Nederlânsk ôf, mar der ek op ta wurke hawwe.

Opfallend is it ûntbrekken fan sokke beynfloedings-ferskynsels yn it suden oan 'e grins Heechdútsk-Nedersaksysk; dat fersterket de yndruk dat yn it westen it Frysk in wichtige katalysator west hat yn it begjin fan it proses. As dat sa is, dan moatte de Hollânske emigranten nei East-Dútsklân it ienheidsmeartal al meinommen hawwe. Om 't dy emigraasje yn 'e 12te ieu syn beslach krige (Teuchert 112), sil dan yn Súd-Hollân de oergong op *-en* al foar 1100 bard wêze moatte.

Opmerklik is it *-en*-gebiet yn Seelân. Blok (1968:18) tinkt dêr earder oan Aldingelske as oan Fryske ynfloed. It falt dêrby op, dat it mûningsgebiet fan 'e Skelde, dêr 't Roelandts in hiele rige ingweonismen fûn hat, krekt net yn it *-en*-gebiet leit. Yn Seelân sil de *-en* dêrom wol gewoan troch ferkear út Súd-Hollân ûntliend wêze en net berêste op ynfloed fan dy Aldingelske eleminten.

8. Ferbân mei Ingelân?

Troch de grutte 'besmetlikens' fan dy ûntjouwing ta *-e* of *-en* begjint men dan dochs te tinken oan in al fan Hofmann (92) oanroerd mûglik ferbân mei de Middelingelske ûntjouwing *-að* > *-en* > *-e* yn it krekt op ôfb. 3 sichtbere gebiet tusken Theems en Humber (Brunner 1938:73, Anm. 5). Mar neffens de boppe (par. 7) opboude hypotese fan konfrontaasje mei it Mnl. soe dan wol it kontinint de jaande partij wêze moatte. Dêrby beheine wy ús earst ta de ûntjouwing *-að* > *-en*³³.

It Ming. *-en*-gebiet leit krekt foar it Hollânsk-Sieuwske *-en*-gebiet oer. Fan in breed front tusken Humber en Theems oan 'e eastkust rint it as in ôfstompe pylk dwers oer Ingelân nei it noardwesten om mei heale breedte op 'e Ierske see te stjitten (Mossé 77, fig. 10: *we tellen* tusken súdlik *we telleth* en noardlik *we telles*)³⁴. Dat suggerearret wol tige

yn it *-en*-gebiet mei *ie* foar sg. en *jim* foar pl. (Sassen 282 en kaart 14).

33 De *-n* is nammers yn dizze posysje bewarre bleaun yn 'e measte Midland-tongslaggen, yn ferskate sels oant hjoeddedei ta (Wright 112, 175).

34 Dat gebiet leit hast hielendal yn 'e *Danelaw*, de yn 886 ôfbeakene krite dy 't troch de Noarmannen bestjoerd waard (v. Caenegem 38f.), mar mar foar in lyts part yn it folle beheindere gebiet dêr 't se har neffens Jespersen (s. 62) meast nei wenjen

kontinintale ynfloed. De boarne fan dy Ming. *-en* liket ek net dúdlik te wêzen; Wright (175) neamt it in nije foarming út 'e pres.konj. en it pret.ynd., neffens Brunner (1938: 73) komt it út 'e konjunktyf allinne, wylst Goeman (1993: 145-147) noch ferskate oare mûglikheden neamt.

By Mossé stiet op deselde side yn fig. 9 de sprieding fan 'e 3.sg. pres.ynd. (súdlik *he telleth*, noardlik *he telles*), wat klear oanjout hoe 't de nije foarm de homonimy **pl.pres.ynd. = 3.sg.pres.ynd.** opheffe koe. Nei it yn par. 7 behannele liket it dêrom net ûnmûglik dat it Aing. ienheidsmeartal op *-að* (of Ming. *-eth/-es*) yn konfrontaasje mei it Mnl. deselde ûntjouwing feroarsake as Afr. *-ath/-at*. In probleem kin wêze, dat de ein-konsonant neffens de fariant *-es* in mear spirantysk karakter hie as Afr. *-th* en dus fierder fan Mnl. *-et* ôf stie. Ynfloed fan al ta stân kommen Hollânske *-en* leit dêrom mear foar de hân, namstemear om't it Ming. ek al *-en* yn 'e ynfynityf hie.

No is der foar dy Hollânske ynfloed in ekonomyske reden. Al yn 'e iere midsieuwen wurdt praat fan 'Frysk lekken', wat troch terpfynsten befêstige wurdt (Slicher van Bath 210). Dochs is it goed mûglik dat it letter ek troch Friezen ferhannelde linnen út Flaanderen wie (Romein I:121). Dêr moat by betocht wurde dat de term "Frysk" yn 'e Karolingyske tiid ek betrekking op it lettere Hollân en Utrecht hie (Sl.v.B. 212). Flaamsk lekken waard al om 1200 yn Italië neamd en om oan de tanimmende fraach te foldwaan, waard wol út Ingelân ymportearre (Enc.Br. 24:877). Skiep waarden dêr foaral holden yn it noardeasten en súdwesten (Enc.Br. 29:53). Oan dy wolhannel sille de Friezen grif meidien hawwe, want noch yn 'e 13de ieu hellen Fryske skippers lekken út Ingelân. Dêrby fearen se foaral op Boston, Lynn en Yarmouth yn East Anglia (Sl.v.B 222 en kaart 211), krekt yn it Ming. *-en*-gebiet.

Koart nei 1300 gie Ingelân folle mear oer op 'e útfier fan tekstylfabrikaten, dy 't yn 'e Nederlannen neibewurke waarden. Op it plattelân kaam tekstyl-yndustry op yn it súdwesten en yn East Anglia en de West Riding fan Yorkshire (Van Caenegem 114f.). Dy lêste lizze ek wer alhiel resp. heal yn it gebiet dat yn it Ming. *-en* hie. By de wolhannel sil yn earder ieuwen grif hiel wat technyske kennis fan it kontinint oerdroegen wêze mei sûnder mis taalkontakt. Fan alle taalynfloed hie dan de boppe al as 'besmetlik' oanjûne *-en* de grutste kâns om yn it Ming. te

setten. Wright en Jespersen neame de pl.pres.ynd. útgong *-en* net by de Skandinavyske eleminten yn it Ingelsk. Dy hie dan nammers ek allinne mar út it Aldsweedsk komme kinnen (fgl. Ranke e.o. 76).

wreidzjen.

Net ien fan 'e rieplachte Ming. grammatika's jout oan, wannear't dy -en opdûkt, dat wy moatte oannimme dat er al by it begjin fan 'e Ming. perioade (sawat 1100 neffens Wright 1) oanwêzich wie. Oan 'e oare kant liket de -en yn it Aing. noch net foar te kommen (Brunner 1942:289), dat wy sille as begjintiid sawat 1100 oanhâlde moatte. Dat lit him goed rymje mei par. 7, dêr 't yn bliken die, dat de oergong nei -en yn Súd-Hollân om sawat 1000 begûn wêze kin en al yn 1100 foltôge wie. De kontinintale oarsprong fan Ming. -en liket my dêrmei frij wis. Dat soe dan it earste en dúdlikste teken fan ynfloed fan it krekt ûntstiene Hollânsk op it Ingelsk wêze. Mei ôffal fan -n en -e liket der sels de moderne útgongsleaze Ingelske foarm út ûntstien te wêzen (fgl. Brunner 1938:73)

9. Konklúzje.

Ut ûndersyk oan it tiidwurd 'hawwe' yn 'e Afr. oarkonden docht bliken dat de pl.pres.ynd.-útgong -ath ens. sûnt sawat 1460 hieltyd mear ferfongen waard troch -et. Koart nei 1500 moat der dan in brek west hawwe, want Bogerman hie yn 1542 inkeld -e. Dat ferskynsel kin dus net troch ôffal fan -th ferklearre wurde. In oare yntern Fryske oarsaak liket der ek net foar te finen, namste minder om 't -et yn guon tongslaggen bliuwt.

De geografyske sprieding fan 'e Fryske foarmen slút nei oan op dy op -en en -et yn it Nedersaksysk. Dêrby kin yn 'e gebieten mei -e en -en in frij sterke Nederlânske ynfloed oantoand wurde. Op grûn dêrfan wurdt de Fryske ûntjouwing ta -e ferklearre as oersetting fan 'e Hollânske gelikensens **ienheidsmeartal = ynfinityf**. As boarne foar de -e wie de al folle earder oanwêzige foarm yn ynferzje foar pronomens beskikber, dat de feroaring koe him yn it Frysk hurd ferspriede. Yn it Nedersaksysk koe - miskien troch it ûntbrekken fan in ynfinityf op -e - dy oplossing net brûkt wurde en stie allinne de faaks minder maklike wei nei -en iepen. Yn dy ûntjouwing kin it Frysk neffens itselde oersettingsprinsipe wer as strielingsgebiet wurde hawwe.

Om 't lykwols yn gâns Fryske tongslaggen de -en fan 'e preterito-presentia net oantaast wurdt, kin oan in djippere oarsaak tocht wurde, dy 't allinne de presentia op -et rekket. In mûglike oarsaak is homonimeflecht tusken de foarmen fan meartal en tredde persoan iental (b.g. Wangereachsk *wî swä^rt - hî swä^rt*) ûnder Hollânske ynfloed. Dy

opfetting kriget stipe fan it ôffallen fan 'e -t yn 'e 3.sg.pres.ynd. (*et fänk y.p.f. et fängt*) yn it oan it -en-gebiet grinzgjende Nedersaksyske -et-gebiet.

Op 'e ein wurdt besjoen of 't de beskreaune wurkings yn it begjin faaks daliks fan it Mnl. -en/-et/-en-systeem útgien binne, dat dan sels troch de konfrontaasje mei it Fryske ienheidsmeartal op -et ta in ienheidsmeartal op -en oergien wêze soe. De hjoeddeiske sprieding dêrfan oer Nederlân liket dat te befêstigjen.

It totaalbyld wurdt dan dat fan trije talen dy 't opinoar stjitte en dêr yn it kontaktgebiet allegear op eigen wize troch beynfloede wurde. It Nederlânsk nimt it ienheidsmeartal oer, it Nedersaksysk past syn 3.sg.pres. ynd. oan en it Frysk feroaret syn ienheidsmeartal, mar beynfloedet dêrmei ek wer de râne fan it Nedersaksysk. Dan binne der bûten it kontaktgebiet yn alle trije talen noch gebieten dy 't de âlde sitewaasje fuortsette, wylst oan 'e oare kant it nije Nederlânske (Hollânske) ienheidsmeartal sels in grut part fan it Ingelske taalgebiet ferovere liket te hawwen. P. Kramer.

10. Tankwurd. Tige tank fertsjinnet de redaksje fan *Us Wurk* foar syn tige opbouwende krityske opmerkings. Boppedat wol ik tankje Prof. Dr. H. Niebaum en Dr. D. Willkommen foar literatuer-ynformaasje út it westlike, resp. Sleeswykse Nedersaksysk en Dr. O. Vries foar it my op dree helpen yn 'e Aldfryske wurdboekapparaten en foar syn stipe by it bestudearjen fan foto's fan it Bogerman-hânskrift.

[Opm. 11-11-2010: Ik fyn it artikel net, dat blykber is it doe dochs net opnommen. PK]

- 11. Literatuer.** (Ferwiist op sidenûmers, wannear net oars oanjûn).
- R. Alma en O. Vries, *Summa agrorum in Slochtra* yn: *Us Wurk* 39 (1990): 1-48.
- N. Århammar, *Die Syltringer Sprache, Die Syltringer Literatur*, Sonderdruck
aus: *Sylt - Geschichte und Gestalt einer Insel*, Itzehoe-Voßkate 1967.
- N. Århammar, *Friesische Dialektologie* yn: *Zs. f. Mundartforschung*, Beihefte, Neue Folge Nr. 5 (= *Germanische Dialektologie*, Festschrift für Walter Mitzka), Wiesbaden 1968:264-317.
- N. Århammer, *Friesisch und Sächsisch* yn: *Aspects of Old Frisian Philology*, Eds. R.H. Bremmer Jr, G. van der Meer and O. Vries, Amsterdam - Atlanta, GA: Rodopi (= *Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik* 31/32); Groningen/Grins: SSFYRUG (= *Estrikken* 69) 1990:1-25.
- B. van den Berg, *De conjugatie van het praesens in de Noordnederlandse dialecten* yn: *Taal en Tongval* 1 (1949): 6-13.
- K. Bischoff, *Über die Grundlagen der mittelniederdeutschen Schriftsprache*
yn: *Niederdeutsches Jahrbuch* 85 (1962): 9-31.
- H. Bloemhoff, *Stellingwarf in de middelieuwen*, Wolvege 1991.
- D.P. Blok, *Plaatsnamen in Westfriesland* yn *Philologia Frisica Anno 1966*, Grins 1968: 11-19.
- D.P. Blok, *Ven(ne) in Holland* yn: *Studia Frisica*, in memoriam Prof.Dr. K. Fokkema, Grins 1969: 44-47.
- K.N. Bock, *Mittelniederdeutsch und heutiges Plattdeutsch im ehemaligen dänischen Herzogtum Schleswig*, *Dan.Hist.Filol.Medd.*31, no.1, København: Munksgaard 1948.
- B. de Boer, *Studie over het dialect van Hindeloopen*, Assen 1950.
- T.J. de Boer, *Reyner Bogerman's Friesche Rijmspreuken* yn: *De Vrije Fries*, IX (1900): 205-279.
- H. Book en H. Taubken, *Hümmlinger Wörterbuch auf der Grundlage der Loruper Mundart*, Sögel 1993: Verlag des Emsländischen Heimatbundes.
- M. Borchert, R. en N. Århammar, *Wi lear Halunder*, Helgoland & Bredstedt 1987.
- D. Boutkan, *A concise grammar of the Old Frisian dialect of the first Riustring manuscript*, Odense 1996.
- W.L. Brandsma, *Het werkwoord by Gysbert Japicx*, Assen [1936].
- C. van Bree, *Leerboek voor de historische grammatica van het Nederlands*, Groningen 1977.
- J.H. Brouwer en P. Sipma, *De Burmania-sprekwirde* yn: *De twadde jiergearkomste fen de Fryske Akademy*, Assen 1940: 83-182.
- J.H. Brouwer, *Thet Autentica Riocht*, Assen 1941.
- K. Brunner, *Abriß der mittelenglischen Grammatik*, Halle 1938.
- K. Brunner, *Altenglische Grammatik, nach der angelsächsischen Grammatik von Eduard Sievers*, Tübingen 1942.
- H.S. Buwalda, *Woun op 'e weagen, It Bilt en syn bewenners*, Snits 1946.
- H.S. Buwalda, *Over de verba in 't Bildts* yn: *Fryske Stúdzjes* (oanbean oan Prof. Dr. J.H. Brouwer), Assen 1960: 361-370.
- H.S. Buwalda†, S.H. Buwalda en A.C.B. van der Burg, *Woordeboek fan 't Bildts*, Ljouwert 1996.
- R.C. van Caenegem, *Geschiedenis van Engeland*, 's Gravenhage/Antwerpen 1982.
- J. Daan, *Verschuiven van isoglossen* yn: *Taal en Tongval* 23 (1971): 77-79. Oanhelle neffens Goeman 1992.
- A. Dykstra, J. Reitsma und W. Visser, *Gysbert Japicx Wurden*. [Wurdlist]. Ljouwert 1993.

- DSA = *Deutscher Sprachatlas*, bewurke fan F. Wrede, B. Martin en W. Mitzka,
Marburg 1927-56.
- Eh = Ehentraut.
- H.G. Ehentraut, *Mittheilungen aus der Sprache der Wangeroger yn:*
Friesisches Archiv I. Hrsg. H.G. Ehentraut. Oldenburg, 1849: 3-109.
- Enc.Br. = *The New Encyclopædia Britannica*, 15th ed. 1994. Dielen 24 en 29.
- W. Foerste, *Geschichte der niederdeutschen Mundarten yn:* W. Stammler [útj.], *Deutsche Philologie im Aufriß*, Bd. I, 1957²: Sp. 1729-1898.
- K. Fokkema, *Het Stadsfries*, Assen 1937.
- D. Fokkema sr., *Beknopte spraakkunst van het Schiermonnikoogs*, Leeuwarden 1959.
- M.C. Fort, *Saterfriesisches Volksleben*, Rhauderfehn 1985.
- A.C.M. Goeman, 1976/83, *Aspecten van de vervoeging van het presens yn:*
J. Stroop [útj.] *Nederlands dialectonderzoek*, Amsterdam 1983: 185-210.
Oerprinte út: *Bijdragen en Mededelingen .. dl. 49* (1976).
- A. Goeman, *De Presensvervoeging in de dialecten van Nederland yn:* *Taal en tongval* 44 (1992): 97-139.
- Ton Goeman, *Der Einheitsplural im Präsens Indikativ der (ost)niederländischen Dialekte yn:* *Niederdeutsches Jahrbuch* 116, 1993: 134-169.
- J. Goossens e.o., *Dialectindeling en structuurgeografie*, Groningen 1970.
De brûkte kaart 5 is út: A. Weijnen, *Nederlandse Dialectkunde*, Assen 19662.
- J. Goossens, *Zwischen Niederdeutsch un Niederländisch yn:* *Niederdeutsches Jahrbuch* 114 (1991): 108-133.
- K. Heeroma, *Chaukisch yn:* *Tijdschrift voor Nederlandse Taal- en Letterkunde* 65, (1948) 266-285. Oanhelle neffens Goeman 1993:145.
- K. Heeroma, K. 1953, *De Westfaalse expansie yn:* *Taal en Tongval* 5, (1953): 20-46. Oanhelle neffens Goeman 1993:145.
- K. Heeroma, *Stratigrafie van de Oostnederlandse volkstaal yn:* K. Heeroma en J. Naarding [útj.], *Oostnederlands*, 's Hertogenbosch 1964.
- J.J. Hof, *De foarmferskillen yn ús verba yn:* "Frysk jierboek 1946", Assen 1947:76-88.
- D. Hofmann, *Probleme der nordfriesischen Dialektforschung yn:* *Zeitschrift für Mundartforschung* 24 (1956): 78-112.
- A.R. Hol, *Het meervoud van het praesens in onze oostelijke dialecten yn:* *Taal en Tongval* 7 (1955): 87-96, 160-175. Oanhelle neffens Goeman 1993:145.
- F. Holthausen, *Altsächsisches Elementarbuch*. Heidelberg 1900.
- F. Holthausen, *Ostfriesische Studien yn:* *Beiträge zur Geschichte der deutschen Sprache und Literatur [PBB]* 50 (1927): 60-71, 317.
- H. Janssen, *Die Gliederung der Mundarten Ostfrieslands und der angrenzenden Gebiete* (*Deutsche Dialektgeographie XXV*), Marburg 1937. Oanhelle neffens Jørgensen 116.
- P. Jensen, *Wörterbuch der nordfriesischen Sprache der Wiedingharde*, Neumünster 1927. Neiprinte: Wiesbaden 1967 (Sändig).
- O. Jespersen, *Growth and structure of the English language*, Leipzig 1905.
- P. Jørgensen, *Zum Schleswiger Niederdeutsch*, *Dan.Hist.Filol.Medd.* 34, no.2, København 1954.
- G. Knop, *De spraakkunst der Terschellinger dialecten*, Assen 1954.
- W. König, *dtv-Atlas zur deutschen Sprache*, München 1978.
- H. Krahe = H. Krahe/ W. Meid, *Germanische Sprachwissenschaft II, Formen-*

- lehre. Sammlung Goeschen 780/a/b, Berlin 1969.
- P. Kramer, *Kute Seelter Sproakleere*, Rhauderfehn 1982.
- P. Kramer, *In fonologyske ramp*. Ynljeding op it 12te Frysk Filologekongres, 17-19 okt. 1990 [net ferskynd].
- P. Kramer, *Lound un Noomen, die saterfriesischen Orts- und Flurnamen in der Landschaft*, Dl.I, eigen útjefte, Mildaam 1994.
- P. Kramer, *Doppelformen bei einsilbigen Verben im Friesischen* yn: A. Peter-
sen en H.F. Nielsen [útj.], *A Frisian and Germanic Miscellany* (ta eare fan N. Århammar) = *Nowele* 28/29, s.213-222, Odense/ Bredstedt 1996.
- L. Kükelhan, *Memoriale linguæ Frisicæ, verfasst von Johann Cadovius-Müller*, Leer 1875. Neiprinte: Wiesbaden 1974 (Sändig).
- R. Kuschert, *Die frühe Neuzeit* yn: A. Bantelmann e.o., *Geschichte Nordfrieslands*, Heide/ Bredstedt 1995.
- A. Lasch, *Mittelniederdeutsche Grammatik*, Halle a.S. 1914. Werprintinge 1974.
- A. Lasch, *Von Werden und Wesen des Mittelniederdeutschen* yn: *Niederdeutsches Jahrbuch* 51 (1925), s. 64. (Oanhelle neffens Bischoff 1962:9).
- A. van Loey, *Middelnerlandse spraakkunst, I Vormleer, II Klankleer*. Groningen 1969 en 1971.
- E. Löfstedt, *Die nordfriesische Mundart des Dorfes Ockholm und der Halligen* I. Lund 1928.
- G. van der Meer, *Het Middelfries Woordenboek (stand van zaken en toekomst-perspectieven)* yn: *Us Wurk* 36 (1987): 57-70.
- H.D. Meijering, *d(e)-Deletion in the past tense of the class II weak verbs in old Frisian* yn: D.J. van Alkemade e.o. [útj.], *Linguistic Studies offered to Berthe Siertsema*, Amsterdam 1980.
- H. Menke, *Niederländisch als Interim-, Berufs- und Prestigesprache im nordfriesischen Küstenraum zur Zeit des grossen Walfangs* in: Volkert F. Faltings e.o. [útj.] *Friesische Studien III* (=NOWELE Supplement vol. 18), Odense 1997:113-161.
- H.T.J. Miedema, *Oer de fokalesystemen fan Reyner Bogerman en Gysbert Japiks* .. yn: *Fryske Stúdzjes* (oanbean oan Prof. Dr. J.H. Brouwer), Assen 1960:153-160.
- R. Möllencamp, *Die friesischen Sprachdenkmale des Landes Wursten*, Bremerhaven 1968: Heimatbund der Männer vom Morgenstern.
- F. Mossé, *A handbook of middle English*, Baltimore and London [sünder jier].
- J. Naarding, *Stad en Ommelanden* yn: K. Heeroma en J. Naarding, *De ontfrie-sing van Groningen*, Zuidlaren 1961: 45-62. Neiprinte: Groningen 1979.
- H. Niebaum, *Zur Formengeographie* yn: J. Goossens [útj.], *Niederdeutsch, Sprache und Literatur, Eine Einführung*, Band. 1: Sprache, Neumünster 1973.
- H. Niebaum, *Ostfriesisch-Groningische Sprachbeziehungen in Geschichte und Gegenwart* in: Volkert F. Faltings e.o. [útj.] *Friesische Studien III* (=NOWELE Supplement vol. 18), Odense 1997:49-82.
- A.G. Oud, *Woa'deboek fan ut Amelands*, Ljouwert 1987.
- J. Pannekeet, *Westfries woordenboek*, Wormerveer 1984.
- A. Panten, *Die Nordfriesen im Mittelalter* yn: A. Bantelmann e.o., *Geschich-*

- te Nordfrieslands, Heide/ Bredstedt 1995.
- F. Ranke en D. Hofmann, *Altnordisches Elementarbuch*, Berlin 1967 (Sammlung Göschen 1115/a/b).
- A. Remmers, *Wörterbuch der ausgestorbenen ostfriesischen Dialekte*. Schwelm 1993, Selbstverlag.
- A. Remmers, *Zum ostfriesischen Niederdeutsch (I)*, Jahrbuch des Vereins für niederdeutsche Sprachforschung 117 (1994): 130-168.
- K. Freiherr von Richthofen, *Altfriesisches Wörterbuch*. Berlin 1840. Neuausgabe Aalen 1970.
- K. Roelandts, *De Antwerpse ingweonismen yn: Fryske Stúdzjes* (oanbean oan Prof. Dr. J.H. Brouwer), Assen 1960: 399-412.
- C. Roggen, *Wêdenboek fon et Aasters*, Ljouwert 1976.
- J. en A. Romein, *De lage landen bij de zee*, Zeist 1961⁴. Diel 1.
- Chr. Sarauw, *Niederdeutsche Forschungen II*, København 1924.
- A. Sassen, *Het Drents van Ruinen*, Assen 1953.
- A.H.G. Schaars, *Boerentermen in Achterhoek en Liemers*, Zutphen 1977.
- L.E. Schmitt, *Die Stadt Groningen und die Mundarten zwischen Laubach und Weser yn: Zeitschrift für Mundartforschung* 18 (1942): 134-170.
- Si = Siebs 1889.
- Th. Siebs, *Zur Geschichte der Englisch-Friesischen Sprache*, Tübingen 1889.
Neudruck: Wiesbaden 1966.
- Th. Siebs, *Geschichte der friesischen Sprache yn: Grundriß der germanischen Philologie. I,2. verbesserte und vermehrte Auflage*. Hrsg. H. Paul. Straßburg 1901: 1152-1464.
- P. Sipma, *Oudfrieze Oorkonden I-III*, Den Haag 1927-41.
- B. Sjölin, *Einführung in das Friesische*, Sammlung Metzler M86, Stuttgart 1969.
- B. Sjölin, A.G.H. Walker, O. Wilts, *Frasch Uurdebök* [Mooringer], Neumünster 1988.
- Sl.v.B. = B.H. Slicher van Bath, *Middeleeuwse welvaart yn: J.J. Kalma e.o., Geschiedenis van Friesland*, Leeuwarden 1973²: 201-228.
- Taalatlas = *Taalatlas van het Nederlands en het Fries (= Taalatlas van Noord en Zuid-Nederland)*, Leiden 1939-1988.
- V. Tams Jörgensen, *Snaak Friisk!, Interfriisk Leksikon. 2. ferb. aplååge*. Bräist/Bredstedt 1981.
- H. Teuchert, *Die Sprachreste der niederländischen Siedlungen des 12. Jahrhunderts*, Wien 1972: Böhlau. (1ste oplage 1944).
- Ve = Versloot.
- A.P. Versloot [útj.], H.G. Ehrentraut, *"Mittheilungen aus der Sprache der Wangeroger"*, Ljouwert 1996.
- O. Vries, *'Naar ploeg en koestal vluchtte Uw taal'. De verdringing van het Fries als schrijftaal door het Nederlands (tot 1580)*. Ljouwert/ Leeuwarden 1993.
- D. Willkommen, *Die Phoneme des Nordstrander Platt, noch te ferskinen*.
- O. Wilts 1993ff, *Friesische Formenlehre in Tabellen, I Wiedingharde* (1993),
II Föhr (1995), *III Amrum* (1995), *IV Sylt* (1995), *V Bökingharde* (1995), *VI Nordergoesharde* (1995), Husum.
- J. en E.M. Wright, *An elementary Middle English Grammar*², Oxford

1952=1928.

W. Zieseemer, *Nordfriesischer Katechismus in Strander und Föhringer Mundart*

yn: Jahrbuch des Vereins für niederdeutsche Sprachforschung, XLVII, Norden u. Leipzig 1921.

TAHEAKKE

De foarmen fan 'e notiid meartal yndikatyf fan it tiidwurd 'hawwe' yn 'e Aldfryske oarkonden 01-3.

Alle plakken yn it skift *1. plur. praes. ind.*³⁵ binne notearre. Foar it steatsje en de grafyk yn ôfb. 1 is lykwols allinne mar gebrûk makke fan orizjinele oarkonden. Boppedat is by meardere fermeldings yn ien oarkonde dochs mar ien fermelding teld, om't oars in tafallich grutte oarkonde it statistyske byld folslein fersteure soe.


It tal foarkommens is yn it steatsje en 'e grafyk jûn oer perioaden fan 10 jier om it skaalpunt hinne. Sa is it foar it jier 1500 oanjûne tal de som fan de tallen fan de jierren 1496 o/m 1505.

JIER	13 14					15											
	90	00	10	20	30	40	50	60	70	80	90	00	10	20	30	40	
habbat		1			1		3			1			1			1	
habbedt									1								
habbet		1		1	8	8	20	21	36	34	43	53	33	21	15	1	
habbit				1		1	1	2	14	6	6	2	2	2			
habbyt												1		1			
habet				1			1		2		1		3				
haebet													1			1	
hebbet				1			1				1		4	1	1		
<hr/> som -t		2		3	10	8	26	22	41	49	51	60	44	25	20	1	
habbath				1	1		1	1									
habbeth		1	1	1	3	6	8	15	9	5	7	4				1	
habbith								2		3			1	1			
habeth									1								
hebbeth										2	3						
<hr/> som -th		1	1	2	4	6	9	18	10	10	10	4	1	1	1		
habbed									1	4	4	2					
habbid										1							
<hr/> som -d									1	5	4	2					
haba							1					1					
habbe													1				
hebba						3	1										
<hr/> som -e/-a						3	2					1	1				
habden				1													
haeben													1				
hebben							1			2			1	1	3		
hebbyn										1							
<hr/> som -n				1			1			3			2	1	3		
habbent														1			
habbse													1				
		90	00	10	20	30	40	50	60	70	80	90	00	10	20	30	40
JIER		13	14										15				

35 Befettet alle trije persoanen.


Meartal notiid yn O1-3

hebba8.wpd



Ofbylding 1.

De útgong fan 'e notiid meartal yndikatyf yn 'e Aldfryske oarkonden O1-3. Fertikaal is it tal orizjinele oarkonden yn tsien jier útset dat in beskate útgong befettet. De horizontaal oanjûne jiertallen lizze hieltiid midden yn sa 'n perioade.



Ofbylding 2.

De útgong fan 'e notiid meartal yndikatyf (ca. 1900).

- Grins fan gebieten mei útgong *-et*.
- - - Grins fan gebieten mei útgong *-e* of nul.
- · - · Oare grinzen fan gebieten mei útgong *-en*.

Talen en tongslaggen (Fryske ûnderstrepe):

D = Drintsk, E = Eastfrysk Nedersaksysk, F = westerlauwersk Frysk,
 G = Grinslânsk, H = Hattstedt, Ht = Harlingerlânsk, He = Helgolânsk,
 Hü = Hümmlingsk, Nf = Noardfrysk, O = Oldenburchsk, S = Sealtersk,
 Sl = Sleswyksk, St = Stellingwerfsk, Wt = Wurstfrysk, Wa = Wanger-
 eachsk, W = Westfrysk.

